Mefr. D.M. Krol,
direkteur Máximaskoalle PCBO
Wite Mar 1
Suderbuorren
8939 CC LJOUWERT

Gau, 14 des. 2005

Underwerp: *Frysk op de Máximaskoalle*

Achte mefrou Krol,

Graach wol ik reagearje op it briefke (e-mail) dat jo my stjoerden op 7 nov. 2005. Ik haw dat besprutsen yn it bestjoer fan de FFU. It muoit my dat jo net gebrûk meitsje wolle fan myn oanbod om ien en oar mei jo en mei jo tiim en de âlden te besprekken. Ik tink dat der sa in kâns om it better te dwaan mei it Frysk op jim skoalle, ferlern giet. Krekt op *jo* skoalle mei *dy* namme.

Wy moatte konstatearje dat jimme oant no ta slim tekoartsjitte yn jim ûnderwiis yn it Frysk as fak en as fier- en ynstruksjetaal. It is wetlik ferplichte om de kearndoelen nei te stribjen en it is in opdracht om goed Frysk ûnderwiis te jaan. Ek it *Europeesk Hânfest foar minderheidstalen* lit wat dat oangiet, neat te rieden oer. Troch jimme oanpak sille de kearndoelen op gjin kanten nei helle wurde en wurdt de opdracht om in ‘aanmerkelijk deel’ fan de ûnderwiistiid it Frysk as fier- en ynstruksjetaal te brûken, folslein negearre. Sa ûntnimme jim jimme bern, Frysktaligen en net-Frysktaligen, it rjocht om de Fryske taal yn al syn fasetten goed te learen. Dat guon bern Spaansk krije, is fansels moai, mar yn it ljocht fan it boppesteande nochal ferbjusterjend. Werom ús eigen taal sa diskriminearje?

Spitich is ek dat jo fierder hielendal net yngeane op de arguminten dy’t ik brûkt haw om jo te wizen op de tekoartkommings yn jo ûnderwiisoanbod en -oanpak as it om de eigen taal fan dizze provinsje giet.

Wy (FFU) sille de útkomsten fan ús koarte kontakt mei de ynspeksje beprate. Yn it ferline hawwe der al petearen west mei ynspekteur drs. J. Oudeboon. Fierders hawwe wy praat mei deputearre dr. B. Mulder oer it Frysk yn it ûnderwiis. Mei him wolle wy, yn foarkommende gefallen, de praktyk fan de Máximaskoalle op it aljemint bringe. Dat jildt ek foar it lanlik politike nivo.

Frou Krol, wy hawwe it idee dat jo tige jo bêst dogge om de bern op jo skoalle goed ûnderwiis te jaan. Elts dy’t him ynset foar goed ûnderwiis, wurdearje wy tige. Lit dat dan ek jilde foar it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. Dêrom moatte jo dit brief as in positive oantrún sjen om de bern op Suderbuorren fandat ek goed har gerak te jaan.

Mei freonlike groetnisse,

Gerben Gerbrandy,
mei út namme fan it bestjoer fan de FFU